



## FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 22 maaie byinoar west by Yede oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is.

Der is berjocht ynkommen fan de gemeente Boarnsterhim dat it argyf, yn ferbân mei de oergong nei de gemeente Ljouwert op 1 jannewaris 2014, ferhuzet nei it Historisch Centrum Leeuwarden (HCL), Grienewei 1 te Ljouwert. Dêr kin it rieplachte wurde.

Der wurdt ús frege om ris op in middei in lêzing te organisearjen ynstee fan in jûn. Op foarhân slute je dêrmei fansels wol in groep út, nammentlik sy dy't wurkje. Hoe steane Jo tsjinoer dit idee. Liket it Jo wat ta. Wy wolle graach reaksjes hjirop krije. Dat kin fia email, mar fansels ek by ien fan de bestjoersleden.

Nettsjinsteande de hjoeddeistige krisis slagget it ús wer om de stipersbydrage op 10 euro te hâlden.

Fierders soene wy (noch altyd) graach de beskikking krije oer de emailadressen fan de leden sadat de wurklist digitaal oerstjoerd wurde kin. It skeelt ús fansels ek yn de kosten. Graach in berjochtsje nei [stiftinggrou@live.nl](mailto:stiftinggrou@live.nl). Minsken sûnder emailadres krije de wurklist thús besoege.

De gearstalling fan it bestjoer is net feroare: Yede vd. Veen (foarsitter), Gé van der Goot-Bangma (skriuwer), Bart van der Wyk (ponghâlder) binne it deistich bestjoer en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

*ferfolch op de oare side*

## WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2013 – 2014

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.  
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

### **Tongersdei 7 novimber 2013:**

Ferline jier rûnen se mei ús fan 't Spoar nei It Plein. It wie in hiele sjou en se geane dêrom no mei de skou. “**Sybren en Bauke** yn in skou, farre troch it âlde Grou”.

### **Tongersdei 12 desimber 2013:**

**Lieuwe Schuurmans** dizze jûn foar it buordsje mei "Ferhalen oer de famylje Schuurmans". Earst in stikje oer de stambeam en dan oer wat “ús heit, Otte en ik yn Grou belibbe hawwe”.

### **Tongersdei 16 jannewaris 2014:**

Wy rinne jûn de natoer yn mei **Gjalt de Groot**, hikke en tein op Labân, dêr't syn bêrtepleats Luctor et Emergo stiet. De ferhalen geane dan ek meast oer syn aventoeren yn dizze hoeke sa tusken Grêft, Folkertssleat en Holstmar. Tuskenroch makket hij wat útstapkes nei wat Grouster foarfallen, mei persoanen en in omjouwing dy 't jim fêst bekend foarkomme.

### **Tongersdei 6 maart 2014:**

Arsjitekt **Rein Hofstra** sil de hjoeddeiske ûntwikkelingen yn de arsjitektuer besprekke, mei behelp fan byldmateriaal. Hjirby sil hy yngean op it ferbân, of krekt it ûntbrekken dêr-fan tusken âlde en nije bebouwing, ek sjoen yn relaasje mei it lânskip. Ut de eigen praktyk sil hy dêrby bouwurken yn Fryslân en benammen yn Grou taljochtsje.

Wy brûke de stipersjilden net allinne foar ús winterjûnen. Ynisjativen út it doarp wei wurde (wêr mooglik en yn oerienstimming mei de kêsten) jildlik stipe. Yn de ôfrûne trije jier hawwe wy jildlike stipe jûn oan:

-Sint Piter Kommittee;	-Stifting Myzyktinte Grou;
-It jubileumboek GWS 75 jier;	-Hundert jier Mingd Koar Grou;
-It boek "De geschiedenis van het onderwijs in Grou";	
-It boek "It bysûndere libben fan Anny Bangma-Wallner";	
-It boek "Grouster bedrijvigheid 1880-1960" (Meer dan hout en ijzer).	

Meielkoar it moaie bedrach fan € 2.325,00.

### **FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2012 – 2013**

Dit ferslach begjint mei de namme fan in stiper dy't ús (nei it ferskinen fan de wurklist) yn de oanrin nei de earste stiftingsjûn ûntfallen is:

**Tjitske (Tsjikke) de Jong-Alberda**, ferstoarn op 10 oktober yn âldens fan 85 jier.

8 novimber 2012.

"Fan de trein nei't plein". In kuierke mei Sybren en Bauke.

Yede iepenet de jûn en kin in grôtfolle seal mei minsken wolkom hjitte. Sa as wênst wurde de needútgongen wer efkes útlein en wurde de net-stipers fersocht it kofjejild by de ponghâlder te beteljen. **Sybren van der Vlucht** krijt it wurd. Hy begjint by it stasjon en dat hy en syn maten faakris jild op de rails leine, as spikers, mar dêr koene je letter neat mei, mar de spanning wie der wol. Nei de oarloch wie hy wol kruier by't stasjon om de bagaazje nei de Buorren te bringen. It brocht de nedige dûbbeltsjes op. Lútzen die dat ek, mar hy wist wol in priis te neamen, dat stie fêst en Sybren moast it mar ôfwachtsje oft er wat krige.

Der wie ek in moai ferhaal, dat no nei 70 jier ferteld waard en dat gong oer "dokterke boartsjen", oer 3 jonges en twa famkes. De details hawwe de harkers allegearre wol heard, it wurdt hjir net werhelle.

Fierder giet Sybren mei de taal fan hjoed de dei. Eartiids wie it wurd mei 3 letters net brûklik om dat gewoan te brûken, mar no heart men it rûnom. Ek kloat, strontferfelend, strontferkeard, kloatsekken ensfh. Binne no normale wurden, dy't troch elkenien brûkt wurde.

Dan geane we de dyk op, nei it kofjehûs fan de famylje Adamse. Hjiroer wer in hiel moai ferhaal. Dan nei de pleats fan Hosper. Fan hjirút koe men de ULO stean sjen. Alles wie noch lân om en by de pleats. Ek wie dêr it fuotbalfjild. Ut de notulen fan 1948 stiet dat der fandalisme west hie.

Brutsen doe de boel ek al ôf.

De Stasjonsdyk: In griene leane mei brechjes. In gedicht wurdt foarlêzen mei as titel "**Grou it dorado**".

Eartiids wenne it boerefolk mei jild op 'e dyk. We sjogge in foto mei Wouter Schuurmans en Doeke Roodbergen fan 90 jier as âlder. We sjogge de fabrykshuzen en Sybren hat it oer appeltsje rôve en oare aventoeren.

De ULO fan 1922. Oer de stringe "baas" Van der Velde. Wisten wy dat dy man in foarnamme hie??

De skoalle stie hiel goed bekend. Hy frege ris in learling om in sin te meitsjen dêr't 'der, die en das' yn foarkomt. It kaam der sa út te sjen.

**Meine Schwester hat ein kind bekommen. Der, die das getan hat, ist verschwunden.**

Nei it skoft sjogge we op it skerm it boek **Torda de sigeunerhoun**. Dit boek is troch in learaar fan de ULO skreun. Sybren hat it op skoalle hiel faak foarlêzen. Fierder wat anekdotes oer leararen.

Yn 1949 waard de ULO in bysûndere skoalle mei as grutte triuwer de 'Roekeboer'. Yn 1978 is de skoalle ôfbrutsen. It gêrsfjildsje waard gauris brûkt troch SSS. Gymnastyk yn de bûtenloft.

We hearre noch oer boargemaster Walda, de "Onafhankeliksfeesten 1813-1913", oer de oerfal yn it gemeentehûs, dêr't 5 manlju derút helle binne yn de oarloch en dêr't eins nimmen wat fan wit. It bûterfabryk. Wat no de gemeente Boarnsterhim is, yn dy regio stiene yn 1905 13 fabriken. In foto waard toand mei arbeiders dy't 25 jier yn tsjinst wiene. Yn de oarloch waard hjir it iten klearmakke foar de Gaarkeuken.

It park. Winselaar as stringe oppasser, De portierslôzje fan Halbertsma, Abbema State, it pand dêr't de earste Boerenleenbank wie, boekhanneler Piter Terpstra,. Albino winkel, pleats fan Jonker (no de HEMA), Bierhalle, Joute Okkema njonken de smidse, Menniste-tsjerke, Atze-Gep mei Jan en Sjoerdsje Leistra op 'e skoat en allegearre hynders op 29 augustus, de earste mobilisaasje op it plein.

In reis fan it stasjon nei it plein, dêrfan wurdt men wurch, dus dit wie it relaas fan Sybren mei de prachtige bylden fan Bauke der by. In prachtige jûn. Sybren en Bauke waarden troch de foarsitter betanke en fansels in grut applaus fan út de seal.

Ferstoarn op 28 novimber ús âld-stiper **Trijntje Cnossen-Beeksma**, yn âldens fan 85 jier.

13 desimber 2012.

Yede iepenet klokslach healwei achten dizze winterske jûn. Yn it bysûnder **Lieuwe Schuurmans** dy't ús sjen en hearre lit oer de Grouster seilmakkers, wer mei moaie bylden fan Bauke.

Earst komme der wat meidielings en foar de oare kear is Eddy van der Noord oan bar en hy hat 'flyers' oer syn boek "Underwiis yn Grou" foar bûten-Grousters. Dan krijt Lieuwe it wurd.

Earst sjogge we de famylje Schuurmans: Sets, Jaap, Lieuwe en Otto. Ek krigen we in tekening te sjen doe't Lieuwe op de ambachtskoalle siet, oer it wengebiet fan Lieuwe en de hûsruling fan Halbertsma nei de Kanaalstrjitte.

Mem Sets wie besibbe mei Sjoerd Ulbes. De seilmakkerij begong mei Piter Musch. Masterfeint Sjoerd Ulbes hat de saak doedestiids oernommen. De seilmakkerij is begûn yn in loads oan de Grou. Dêrfoar is in wenhûs boud. De famylje Musch hie ek in graanhannel. Op in luchtfoto fan Grou, oan de oare kant fan de Grou wie in tanerij.

Sjoerd Ulbes hat 30 jier lang boade west fan sikefûns It Gild, mar doe't er de saak oernaam, koed er dat net mear dwaan (m.y.f. 1 jannewaris 1905). Syn soan Kees Sjoerds waard boekhâlder. Kees is jong stoarn. Ulbe (âldste soan) waard frege en kaam út Achlum wei nei Grou.

We sjogge ferskate bylden oan ús foarby gean, sa as Gerrit Okkema, feint by Ybe v.d Bosch yn 1922, de seilmakkerij oan de Kade, Sjoerd en Durkje (Duk) en de seilmakkerij oan de Stasjonswei dy't yn 1973 iepene waard en no yn Makkum sit.

Bylden fan de brân fan it Nautisch Centrum oan de Stasjonswei, fan seilmakkerij Molenaar, fan sakenreis yn China en in film, dy't draait is op de begraffenis fan Ulbe (Uppie).

Om alles krekt op papier del te setten falt net ta, mar dat it in moaie jûn wie, is wis.

Kertier oer tsienen slút Yede de jûn en betanket Lieuwe en Bauke foar it ferhaal en de bylden en de oanwêzigen dogge fleurich mei.

**Okje Eizenga-Visser**, fertoarn op 14 desimber yn de hege âlderdom fan 95 jier en op 13 jannewaris **Geert v.d.Bijl**, 84 jier âld, mar twa moanne nei syn frou Frederika (Riki).

Tongerdei 17 jannewaris 2013.

De tredde jûn yn dit winterskoft stiet alhiel yn it teken fan gewoane, mar foaral ek bysûndere Grousters. **Eddy van der Noord** hat him ferdjippe yn de "handel en wannel" fan feskate doarpsgenoaten. Reade tried yn dit ferhaal is Jan van der Bosch, dêr't syn priveelibben, mar ek syn doarpsynset en artystyke gaven yn ta utering komme. Hjiryn ferweve komme noch libbene, mar ek ferstoarne Grouster oan bar. By de earste groep binne de ferhalen oer Hinne Stellingwerf syn fotografyhoobby en Kobus Walon syn merkeferline, hiel nijsgjirrich.

Ek de aaisikersklup “de Swalkers” mei it jubileumoptreden fan de RuBo’s wie tige fermaaklik. Mar de minsken út it ferline as Rintsje (Beer) van der Schaaf, Klaas (Broekje) Postma, Hindrik (Slieker) Duiker, Doene (Ploechje) van der Ploeg en Sierd (sûnder trui) Eizenga, komme wer boppe driuwen.

Tagelyk bledderet de ferteller noch efkes yn it nije ûnderwiisboek en it boek dat noch ûnderweis is, “Fertier yn Grou”. Al mei al in werkenbere jûn.

Yede en de oanwêzigen betankje Eddy en Bauke foar dizze wol hiel bysûndere jûn.

Op 8 febrewaris is yn Drachten ferstoarn **Gerrit Boorsma**, krekt gjin 85 jier jier âld wurden.

7 maart 2013.

Foarsitter Yede iepenet de lêste gearkomste alwer fan dit winterskoft en hjit elkenien wolkom. Dizze jûn wurdt foar de helte fersoarge troch **Anna Vollema** mei bylden fan Bouke en nei it skoft troch **Bauke Lageveen** mei filmkes út it ferline.

Yede hat earst noch in oprop oan de oanwêzigen en wol: Wa wol wat dwaan? Sprekkers, bylden ensfh. De jûnen foar 2014 moatte wol trochgean kinne.

Anna soe it oer de Boonstra’s hawwe, mar it wurdt al efkes oars. It wurdt in tocht troch Easterfjild en Marswei. It ûntstean fan de Marswei, oer VVV-ynbring en de tsjerkeried, de bou fan de huzen fan de “Wandelwei”.

De Vollema’s, Anna’s pake wie plysje yn Grou (plysje Vollema) en bylden fan it Maritiem Genootschap, de Molestrjitte en oer it libben fan beppe Anna (Bylsma) út de Molestrjitte.

Op Grouster Merke waard Auke Boonstra fereale op Anna. Dus noch efkes wat oer de Boonstra’s.

Op 21 april 1917 binne Auke en Anna J. de Boer troud. Boatsje waard berne, mar hat har heit net kend. Auke is yn 1919 ferdronken. Letter is beppe Anna mei Sytse Bylsma troud. Ek kamen we noch wat oan ‘e weet oer de Boonstra’s as bakkers yn de Haadstrjitte.

Hjirnei fertelde Anna oer har ferbliuw yn Amearika en as lêste krigen we te hearren dat sy 5 maart 70 jier wurden wie en dat mei de oanwêzigen fiere woe en traktearre ús op Frysk en Grinzer lekkers.

Nei it skoft waarden earst inkelde punten besprutsen, sa as it goedkarren fan de kaskommisje, besteande út Doekle Yntema en Hinne de Jong. Matty de Boer komt no yn’t plak fan Hinne.

Doe krigen we bylden te sjen fan de Bliken, de mêst op it String, bewaarskoalle, Halbertsma, Sint Piter, iisbaan, Oostergoofeast mei boeijers, hurdriden op ‘e baan mei Pyt Eizenga en boargemaster Walda, Sint Piter op de belslide en it skûtsjesilen. De filmkes komme by Tineke Braam wei. Har heit hat in protte bylden yn it ferline fêstlein.

Nei dit alles waarden Anna en Bauke betanke. De hannen fan de oanwêzigen kamen noch in kear opelkoar en Yede winske elkenien in moaie simmer ta en hopet dat se allegearre wer yn de hjerst werom komme by de Stiftings jûnen.

En as dan sa’n winterskoft wer op syn ein is en wy wurkje oan de nije wurklist, is it leste nijs meast net it moaiste. Sa ek de lêste berjochten: Wy moasten yn it tuskenlizzende skoft ôfskie nimme fan: op 9 maart **Hieke Boersma-Bink** yn âldens fan 84 jier, op 20 juny noch mar 61 jier âld **Geesje Kleinhuis-Willegers**. Op 2 july, 94 jier âld, komt der in ein oan it libben fan **Johannes Brouwer**. Brouwer hat twaris by ús foar it buordsje stien: op 30 novimber 2000 oer de “Sociëteit Tot Nut En Vermaak (fan 1811)” en in goed healjier earder, op 9 maart, hat er ús ferteld oer it ta stân kommen fan it “nije” museum ‘De Trije Gritenijen’. Want lit it wolwêze: it museum te Grou yn syn hjoeddeistige foarm, hat in hiele soad te tankjen oan it krewearjen fan Brouwer.

Op 10 augustus rekket wei **Pieter Veenstra** fan Easterwâlde yn âldens fan 86 jier en trije dagen letter Hessel, man fan ús stiper **Baukje Langhout-Hooghiemster**.